

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 3.01
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Wurkbesite DINGtiid Galisië (22-25 jannewaris 2020)

Fan 22 oant en mei 25 jannewaris 2020 hat in delegaasje fan it bestjoer en de folsleine stêf fan DINGtiid op wurkbesite west nei Galisië, yn it noardwesten fan Spanje. Doel fan de wurkbesite wie om mear te learen oer hoe't yn Galisië de kennisynfrastruktuer (KYS) ynrjochte is. Hoe binne de kennisynstituten ûnderling ferbûn en hoe is de ferbining tusken kennis, maatskippij en ûnderwiis?

De wurkbesite is ûnderdiel fan it ûndersykstrajekt nei de 'Kennisynfrastruktuer Frysk' (KYS) dat DINGtiid útfiert. Dêrneist organisearret DINGtiid twa DINGpetearen oangeande de KYS (novimber 2019 en maart 2020). Ein 2020 hopet DINGtiid de notysje KYS presintearje te kinnen.

Professor Durk Gorter, universitêr spesjalist Baskysk oan de UPV/EHU yn Donostia-San Sebastián, wenne ek in part fan de wurkbesite by en fersoarge in presintaasje oer de Baskyske taalsituaasje.

Program

In wiidweidiger programma (mei in omkriuwing fan alle ynstituten dêr't in besite oan brocht is) is apart taheakke. DINGtiid brocht in besite oan de folgjende ynstituten:

- General Secretary of Language Policy
- Ramón Piñeiro Center for Humanities Researches
- Royal Galician Academy
- Galician Broadcasting Corporation (CRTVG)
- CEIP Raíña Fabiola
- Regional Centre for innovation and teacher training CAFI
- The Galician Language Institute
- Galician Culture Council

Galisiske taal

Galisië hat goed 2,7 miljoen ynwenners, fan wa't sa'n 2 miljoen it Galisysk faak brûke. 98% ferstiet it Galisysk, 97% sprekt it en 83% skriuwt it. Alle sprekkers kinne ek it Spaansk ferstean, en meastentiids ek it Portugeesk, dêr't it Galisysk histoarysk oan besibbe is. It Galisysk wurdt ek net as minderheidstaal sjoen, mei troch in tradysje dy't oant fier yn de Midsiuwen weromgiet; boppedat sprekt de mearderheid (51.8%) fan de ynwenners mear Galisysk as Spaansk. It Galisysk stiet histoarysk sterker op it plattelân. It brûken fan Galisysk yn de polityk is hiel gewoan; yn it parlemint sprekke alle politisy Galisysk. Der binne ferskate grutte mienskippen yn it bûtenlân, ferspraat oer de hiele wrâld; fan gefolgen binne der sa'n 250 Galisiske sintra oer de hiele wrâld en 35 universiteiten dy't Galisysk fersoargje.

Galisië yn ferlyk mei Fryslân

De taalsituaasje yn Galisië lit him, ek wat de kennissektor oangiet, goed fergelykje mei it Frysk – ek al binne der wichtige ferskillen. Sa leit it tal sprekkers fiif kear sa heech en is ek it budzjet foar de Galisiske taal ûnfergelykber grutter as it Fryske. Boppedat is Galisië in autonome regio yn it desintralistyske Spanje, wat it regear foar it Galisysk folle mear foech en stjoer jout as dat de provinsjale oerheid hjir hat. De oerienkomsten binne lykwols grut genôch om faninoar leare te kinnen. Bygelyks:

- beide ha te krijen mei in nasjonale steatstaal dy't yn de twatalige realiteit de boppetoan fiert;
- beide binne in taal dy't sterker stiet op it plattelân as yn de stêden mar wol oeral formeel in plak hat, ek yn it ûnderwiis;
- beide ha in iuwenâld taalferline dat in gefoel fan grutskens en soarchplicht mei him meinimt;
- beide ha in breed netwurk fan akademyske, maatskiplike en ûnderwiispartners.

Konklúzjes

DINGtiid hat yn Galisië in pear wichtige lessen lutsen, dy't relevant binne foar de Kennisynfrastruktuer fan it Frysk:

1. Taalhâlding fan yntrinsyk belang: De hâlding foar de Galisiske taal oer is fûneminteel oars as foar it Frysk oer: nea liket de fraach steld te wurden wat eins it nut is fan it befoarderjen fan it Galisysk. De taalhâlding berêst op it idee dat taalbefoarding in *yntrinsyk* wichtige saak is, ek foar de polityk. Dêrby komt it dield gefoel fan belang ek fuort út grutskens op de taal en de skiednis. Der is boppedat polityk en maatskiplik betrouwen yn

'return on investment': de mienskip hat op termyn finansjeel en kultureel profyt fan de ynset yn de taal.

2. Fasilitearje op ôfstân: Fanút dy yntrinsike motivaasje fasilitearret de oerheid it taalfjild dan ek breed en rom, mar bliuwt op ôfstân: it betrouwen yn it fjild, ek yn it kennisnetwurk, is grut.
3. Sterk netwurk: Der is in effisjint en wiidweidich netwurk fan akademyske, maatskiplike en ûnderwiispartners. Kaaiorganisaasjes binne op meardere plakken yn dat netwurk fertsjintwurdige. Dat befoarderet ûnderlinge transparânsje en ferbining, en stimulearret in effisjinte wurkwize. Yn it hert fan it netwurk sit de Galisyske Kultuerried.
4. Sterke falorisaasje: De kennissektor hat in protte each foar de maatskiplike relevânsje yn syn wurk; falorisaasje fan kennis pakt yn Galisië dan ek sterk út, de boarger hat der in protte profyt fan yn it deistich libben en sjocht syn taal rûnom werom yn it iepenbiere libben.
5. Goede regeneraasje: De Galisyske kennissektor set swier yn op yn- en trochstream, ek fia talrike traineeships en simmerskoallen. Sa wurdt oanienwei in stream fan jong talint oanlutsen, dy't op dy dizze wize relatyf fluch en goed it fjild fan de Galisyske taal ynholpen wurdt en sa it fjild regenerearret.

Ta beslút

Fansels is de praktyske werklikheid wolris oars: ek yn Galisië lûkt de oerheid de leie bytiden oan, is der sprake fan konkurrinsje tusken ynstituten en is de politike konstellaasje fan ynfloed op de ambysjes mei de taal. Mar we kinne ús wol ynspirearje litte troch de wize dêr't yn Galisië it kennisfjild op organisearre is; as we each hâlde foar it skaalferskil en de maatskiplike en politike realiteit, kinne we der in soad fan leare. Want, it *wurket* yn Galisië wol: fanút de taahâlding dat befoardering fan it Galisysk yntrinsyk wichtich is stelt de oerheid, op ôfstân en mei betrouwen yn de sektor sels, it kennisfjild yn steat om polityk en mienskip te fuorjen mei kennis en om himsels te organisearjen en te regenerearjen. Der sit dynamyk yn it Galisyske systeem, de Kennismotor draait dêr soepel.